

Utnûging foar de gearkomste op **sneon 4 jannewaris 2020**, de middeis om 13.30 oere yn **TRESOAR (Gysbert Japicxseal)**, Boterhoek 1, Ljouwert.

Parkeare kinne jo yn de parkeargaraazjes Oldehoofsterkerkhof.

Wurklist, **notulist: Rinse Spits**

1. **Iepenjen,**
2. **Meidielings en ynkommen stikken.**
3. **Ferslach** fan 2 nov. 2019
4. **Kolonisten mei âld-Ljouwerter foarâlden,**
troch: **Wytse Tjoelker**

Skoft

5. **Twadde helte fan de lêzing en petear**
6. **Omfreegjen**
7. **Sluten**

Data 2020: 1 febr., 14 maart (troch de NGV afd. Friesland) en 4 april, 18 april (reiske troch de NGV afd. Friesland), 19 sept., 31 okt., 28 nov. .


Oant 4 jannewaris.,

Dr. Jabik van der Bij (skriuwer.)

Kolonisten mei âld-Ljouwerter foarâlden

troch: **Wytse Tjoelker**

Sprekker nimt ús mei nei de frije koloanjes fan de Maatschappij van Weldadigheid fan Johannes van den Bosch; nei benammen Willemsoord en Noordwolde Zuid. Fan de probant fan syn ferhaal, Fenna Johanna Lodewijk (*1896 Vinkega X 1916 Weststellingwarf), waarden alle oerpaken en -beppen om 1820 hinne kolonist. Mar noch trouw yn Hattem (GLD), Goes, Ljouwert en Purmerend en krigen dêr har earste bern. De paken en beppen fan Fenna Johanna waarden al berne yn de koloanjes. Ien oerbeppe, Elsje Vollendorp, waard yn 1781 berne te Ljouwert. Elsje har heite heit kaam wierskynlik as soldaat út Noard-Dútslân nei Ljouwert. Ek de famyljenamme fan Elsje har mem, Hillemans, wiist nei sa'n komôf. Oars leit it mei heite mem Elske Sydses Broersma; fan har binne foarâlden werom te finen oant yn de 16e iuw, mei ferskate ambachtslju. Mei moai dúdlike ferhalen oer bygelyks herberch/brouwerij De Druif, en tink de âldst fûne lânmjittersfamylje yn Fryslân, Engehuis. Dy wiene warber foar en nei de Reformaasje.



Wytse Tjoelker (1952) is al sûnt syn middelbere skoaltiid dwaande mei famylje- en streekskiednis, en hat foar en nei ferskillende publikaasjes (mei) fersoarge. Bygelyks yn 2000 in Turfmakkersskiednis en 2008 De Zuidlanden. De lêste jierren is hy, yn it spoor fan Jan Post, benammen dwaande mei âld Opsterlân (nije útjefte Bean-iters). Mar as ynwenner fan Ljouwert sûnt 1973 en (âld-)meiwurker HCL, ek wol mei de skiednis fan dizze stêd en omjouwing. Mei dus út en troch in

nijsgjirrich sydspaar.

Tresoar Boterhoek 1, Ljouwert. Parkeare mooglik yn de garaazje Oldehoofsterkerkhof. Sjoch ek de webside: <https://www.fryske-akademy.nl/nl/genealogy>

Belangstellenden binne fan herte wolkom op dizze gearkomste!
Tagong fergees